

DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarn

ôfstj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl
-.-
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)
-.-

Eareleden:

earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen, De Jouwer

Fan de foarsitter

Heden noch en ta, dat wie my de simmer wol wer! Bytiden gleonhjit en sa droech as hop. It wie bytiden switten as in baarch. Ja wier, troch alle swit glied de bril fan 'e noas en bleau bytiden kleven oan it gat. No hawwe wy wolris faker in lange drûge simmer hân. De simmer fan 1959 heucht my noch as tige droech. Wy wennen doe by de Klieuw (ûnder Hidaard) en hienen dêr noch gjin wetterlieding. It wetter moast dus út 'e reinwetersbak komme. As jonge fan sa'n fjirtjin jier woe ik wolris sjen hoefolle wetter der noch yn stie en rierde der mei de polsstôk yn om. Doe kaam alle smoargens fan 'e boaiem los en wie it wetter net mear te brûken. Ik hie ús heit wolris lilik sjoen, mar doe ha'k hurd drave moatten! Uteinlik kaam it noch goed, want wy krigen tenei kâld en waarm wetter yn 'e molkbussen dy't fan it fabryk werom kamen. Hjoeddeis hat elkenien wetterlieding, mar ik tink dat soks wolris feroarje kin: men hat it no wakker oer huzen dy't net mear oansluten binne op gas en wa wit moatte de huzen straks ek noch fan 'e wetterlieding ôf. Dan moat men wer nei de pomp rinne. Dat is net sa slim: op in camping docht men net oars. Koartlyn tûgen wy noch mei wetter op 'e camping yn Wytmarsum. Dit jier stie ús caravan wat oan 'e lette kant op "Mounewetter" en men soe tinke dat alle festiviteiten yn Fryslân dan wol sa'n

bytsje west hawwe. Mar neat derfan! It libbet en brûst noch folop yn septimber. Bygelyks binne dan de Admiraliteitsdagen yn Dokkum, de Agraryske Dagen yn Frjentsjer en Kokedei yn Warkum. Yn Frjentsjer ha wy noch nei in âldereinmiddei yn de Koornbeurs west mei in optreden fan Gurbe Douwstra (yn Fryslân wrâldferneamd sjonger en praatsjemakker). Yn 't lêst fan de fakânsje binne wy nei Kokedei yn Warkum west. In hiele ûnderfining: in kowekeuring op 'e Merk hielendal belein mei strie, wol tsien tomme heech. In protte minsken en in karmaster dy't dúdlik makket wêrom't de iene ko folle moaier is as de oare. By in protte kij sjocht men de tsjokke ieren ûnder it liif nei it grouwe jaar rinnen. En as der in ko wat rinne lit wurdt soks bedobbe yn it strie en wurdt de kont behimmele mei in blau doekje troch in jongfaam. Ek hat men oer hast it hiele Súdein fan Warkum in laach sân smiten. Deroerhinne drave de hynders foar de tilburys mei boer en boerinne yn Fryske klaaiïng. It skûtsjesilen hawwe wy thús foar de telefyzje folgje moatten. Lokkich mei deskundich kommentaar fan **Age Veldboom**, de skûtsjekenner by útstek. Wy hawwe him fuortendaliks mar útnûge op ús earste kritejûn op **freed 18 oktober**. Mear dêroer op side 6. Oant dan!

Jan Kooistra

Nijs fan de boeketafel

Bêste minsken,


Dizze simmer haw ik fan de boeketafel lêzen in boek fan Margryt Poortstra "Minskebern"

Yn dit boek spylje twa minsken de haadrol. Maart en Daan. Maart is oan 'e ein fan har libbensreis en sacket hieltyd fierder fuort yn 'e dize fan Alzheimer. Daan, krekt berne, moat noch begjinne en giet op ûntdekkingsreis. Wat de iene net mear kin, moat de oare noch leare. Hielendal oan 'e ein en hielendal oan it begjin is har wrâld net grutter as it bêd dêr't se yn lizze.

De skriuwster beskriuwt hiel ynkringen it libben fan in Alzheimer pasjint. It is, dat gefoel krije oft se it sels trochmakke hat en no oan ús troch jaan wol yn wat foar wrâld as je komme as je dit krije. Op de efterflap stiet in lyts stikje út it boek dat ik oernommen ha:

'De frou nêst har sit hieltyd oan har. As Maart de hannen op 'e tafel leit, komme har smelle klaukes as in spin op har ôf. Se doart de hannen net te ferwegen, mar se hâldt de spinpoaten goed yn 'e gaten. De tichterby kommende fingers plôkje yn it tafelskleed. Anst krûpe de krebintige fielspriten har kant út. Dêr komme se al oan. Poatsje foar poatsje. Maart huvert en se wol har hannen dêrwei lûke, se moat oan it gefaar ûntkomme. Mar it sinjaal, dat fan har holle nei har hannen wol, komt net oan. It bliuwt healwei hingjen, berikt de earmtakken, dy't skokke en fan 'e linyngen glydzje, mar berikt de hannen net. Moeke, ropt se'.

Noch wat ynformaasje oer de skriuwster:



Se is berne yn Harns, 1953. Hikke en tein yn Arum en Wytmarsum. Se wennet no yn Zeewolde. Se hat in lange list fan skriuwen en dichten efter sich. De lêste jierren skriuwt se mear religieus- en liturgisch wurk.

Dit boek jout in ynsjoch yn wat Alzheimer mei je docht as persoan en dat net alline, ek wat it is foar de partner, bern en bernsbarn.

Sa as ik wol faker doch, eindigje ik der mei dat ik dit boek de muoite wurdich fyn om te lêzen.

Oant sjen by de boeketafel.
Jellie Conradie.

Earste 'Bûsboekje 2020' oerlange oan geastlik heit

It earste *Bûsboekje 2020* is moandei 26 augustus oerlange oan de geastlik heit fan it bûsboekje: Durk van der Schaaf fan Bitgummole. Van der Schaaf betocht it bûsboekje doe't er ophold by in aksjekommisje fan it Kristlik Frysk Selskip. At jo in bûsboekje hawwe yn it Frysk, lêze jo alle dagen wat Frysk, wie it idee fan Van der Schaaf.

Dat idee pakte goed út: it Frysktalige Bûsboekje 2020 is de fiifenfjirtichste útjefte. Sûnt 1975 hawwe frijwilligers alle jierren derfoar soarge dat Friezen en net-Friezen yn it Frysk harren ôfspraken en kontakten fêstlizze kinne. Yn it begjin wie it Kristlik Frysk Selskip (KFS) de útjouwer, tsjintwurdich is dat de Ried fan de Fryske Beweging. It bûsboekje bedript him finansjeel noch hielendal sels.




Foto: Piter Andringa

Op de foto: Adalgard Willemsma fan de Bûsboekjeredaksje oerlanget it earste Bûsboekje 2020 oan de 'geastlik heit' fan it Bûsboekje Durk van der Schaaf fan Bitgummole.

Omdat dit in lustrumedysje is, organisearre de Bûsboekjeredaksje in presintaasje by klokkemaker Tjitte Talsma yn Aldtsjerk. Fanwege it lustrum is ek it startsein jûn foar in poëzijkriich. Oant 27 oktober 2019 om 03.00 oere (begjin wintertiid!) koe in gedicht ynstjoerd wurde en wienen ferskate prizen te winnen. De spulregels binne te lêzen op www.busboekje.frl.

Oernommen út 

It Fryske bûsboekje leit dus wer yn de winkels. Dit jier is it tema *Tiid*. In moai tema foar in boekje dat men it hiele jier troch yn de bûse hat. Direkte oanlieding foar it tema is de aktuele diskusje oer simmer- en wintertiid dy't it kommende jier grif trochgiet. Wêr kieze wy foar: simmertiid of wintertiid? Wurdt 2020 it lêste jier dat wy twaris de klok fersette?



FRYSK SELSKIP
frysk en
rij
HILVERSUM



nûget jimme út op
Freed
18 oktober 2019

yn de Brasserie fan
"Nieuw Kerkelanden"
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum
BEGJIN 20:00 OERE



Foar dy jûn ha wy útnûge de ferteller en sjonger fan skipperssankjes

Age Veldboom

Oprjochter fan 'It Skûtsjemuseum' yn Earnewâld

Hy sil op in net nei te folgjen wize fertelle oer skûtsjes en skûtsjeskippers. Oer de histoarje en oer it hjoeddeiske skûtsjesilen. Hy nimt syn trekharmoanika mei en sjongt dêrby in tal skipperssankjes.

Koartom: histoaryske en humoristyske ferhalen oer skûtsjes en oer de frachtfart ûnder seil yn de earste helte fan de foarige iuw.

Ek sil hy inkelde stikjes dwaan út it teäterstik "Myn Skip", wêrmei 't se ferline jier yn it ramt fan Kulturele Haadstêd LF2018 de provinsjale Fryske Anjer wûn ha. Boppedat sil mannichien dy't simmers it skûtsjesilen foar de telefyzje folget Age Veldboom kenne as kommentator by it SKS-skûtsjesilen foar û.o. Omroep MAX.

--

Fansels stean ús diskus mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer foar jimme klear

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even in wike tefoaren nei nûmer 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 5,00
Net-leden € 10,00

Us oare kritejûnen yn it winterskoft 2019-2020

Sneon 30 novimber 2019

Theatergroep Fjoer mei it toanielstik "Hjerst"

Freed 10 jannewaris 2020

Algemeine ledegearkomste mei foarôfgeand nijjierjen en in miel stampot

Sneon 15 of 22 febrewaris 2020

Toaniel of kabaret

Sneon 21 of 28 maart 2020

Kabaret of toaniel

--

Op dizze jûnen binne jimme wolkom yn de Brasserie óf de Grutte Seal fan



Nieuw Kerkelanden
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

Fansels soe it ús ek tige goed dwaan as jimme de **ynlage** (kontribúsje) foar it kommende winterskoft sa gau mooglik oermeitsje wolle op

Rekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou
€ 30,00 foar in troud pear of in stel

mear mei fansels ek....☺

13 oktober
15:30
Fryske Tsjinst
Foargonger: Rianne Veenstra
Mei Koar Crescendo út Warns
Kerkcentrum Goede Rede
Kerkgracht 60, 1354 AM Almere

Nei de tsjinst is der noch in gesellige gearkomste in Fryske sfearen!

It pealtsje fan Easterlittens

In earme skuonmakker út Easterlittens kriget in dream dy't hieltyd wer weromkomt: yn Amsterdam sil er syn lok fine op in bepaalde brêge. Trije nachten achterelkoar kriget er dit frjemde boadskip. Dan beslút er om derhinne te gean. De skuonmakker stiet trije dagen lang op in Amsterdamske brêge sûnder dat der wat bart. Mar op de tredde dei sprekt in man him oan dy't dy dagen ek op 'e brêge omspaand hat. Hy fertelt de skuonmakker oer in dream dêr't er yn oanpoend wurdt om nei de tún fan in skuonmakker te gean. Yn dy tún stiet in pealtsje en ûnder dat pealtsje soe in skat begroeven lizze. Mar ja, dreamen binne bedroch, dochts? De skuonmakker hâldt him stil en giet op stel en sprong werom nei Easterlittens. Hy hat ommers in pealtsje yn 'e tún te stean! En sa graaft er in tsjettel met jild op. Op de pot stiet ek noch in Latynske ynskripsje. Dûmny bringt útkomst. 'Under dizze tsjettel sit noch in tsjettel', lêst er foar. De skuonmakker wit net hoe gau't er wer nei it pealtsje ta moat. Efkes letter graaft er de twadde pot op .

Soms moatte jo earst fierderop om thús it lok te finen, is de moraal fan *It pealtsje fan Easterlittens* . Yn 'e kom fan it doarp Easterlittens is it ferhaal no op in pealtsje werom te finen.

Fryske tegels út Delft

Yn 1877 wurdt de earste folkekundige tentoanstelling fan Fryslân yn Ljouwert hâlden: de Historische Tentoonstelling van Friesland. Omdat Hylpen yn dy tiid besjoen wurdt as in oerbliuwsel fan in oerâlde Fryske kultuer, wurdt der in keamer ynrjochte op syn Hylpersk. Hup, wat Hylper tegeltsjes oan 'e muorre. Ut it depot even wat kleurich beskildere meubilêr. Porsleinen boarden boppe de skoarstienmantel, wat poppen dertusken yn Hylper dracht. Allee, typysk Frysk! De Hylper keamer makke nasjonaal en ynternasjonaal djippe yndruk . Dat de minsken samar troch dizze keamer rinne koene, wie folslein nij yn museumlân. En de ynrjochting fûn elts ek prachtich. Mart oft it ynterieur no typysk Frysk wie... De tegeltsjes wiene yn Delft makke , it diggelguod yn Sina, en de stof fan de Hylper klaaiing kaam út Indië. Identiteit giet miskien net om oarsprong, mar om wat jo dermei dogge.

Optekene troch Gerbrich van der Meer foar de skuorkalinder mei dageliks alle aktiviteiten fan Ljouwert-Fryslân 2018, kulturele haadstêd fan Europa.

Hjerst

No leit de hjerst as wale oer it gea,
bedekt de glâns fan bliere simmertiid.
It beammegrien wurdt stadich brún en rea
en wisket del nei hopeleaze striid.
Sa giet natuer de wei fan wisse dea
of wintersliep, oer fjilden keal en wiid

It fûgelkoar, dat simmersk toanbyld wie,
is yn 'e rêst en hat syn slútsang jûn.
No rûst de rein, dy't noait oan sjongen die,
ientoanich del op slim trochwekke grûn.
De lêste blom, dy 't moed ta bloeien hie,
hat troch de wyn in sût'rich útein fûn.

Mar sjoch, de hjerst bringt dochs syn wielde mei:
krekt nó wol 't hof oerfloedich fruchten jaan.
Al rint it jier ek nei de âlde dei,
syn opbringst kin noch skoan fertuten dwaan.
Giet kleur en fleur aanst út it libben wei,
wa 't fruchten draacht dy kin net misbeslaan.

Atze Bosch

Ut: Alles op syn tiid, KFFB 451 (2009)

Atze Bosch kaam fan Achlum en gie nei de HTS yn Ljouwert. Dêrnei ferhuze er mei syn frou nei Hilversum, hy soe doe wurkje foar Philips yn Huizen. Se krigen gjin bern. Nei syn pinsjoen yn 1987 kaam er werom nei Fryslân en sette er him te wenjen op It Hearrenfean. Doe't er wat mear tiid om hannen hie, begûn er mear te skriuwen; it skriuwen hie winliken foar him altiten al in hobby west. It oersetten wie al wat begûn doe't se noch om utens wennen. Hy makke doe oersettingen foar it Fryske sjongkoar fan de Fryske krite "Frysk en Frij" dêr't hy en syn frou by wienen.

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
websiteside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
websiteside: www.fryskbutenfryslan.frl

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : ûnbeset
e-mail: selskip1844@gmail.com

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.frl

Special adres voor: Gerilde Omjekoeken

DE HAAN'S BAKKERIJ

De versta Bakker
in Sneek en
Zij dichtbij.

HOOGEND 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

FRYSK EN FARSK YN 'E PROVINSJE EN EINS TROCH IT HELE LAN JO BINNE TE PLAK BÏ DE HAAN'S BAKKERIJ YN SNITS HEECHEN IS FUORT BY DE WETTERPOARTE